15-6-'91

# 'T SKIEPPE-STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.



15e jiergong Nû. 6 12.1991

"It Skieppesturtsje"

REDAKSJE:

| | |
|---|---|
| Ineke Feenstra-Sijbesma | tel. 9277 |
| Sytske Dijkstra-Bouwhuis | tel. 2968 |
| Richtsje Speerstra-Bakker | tel. 2635 |
| Phün van den Berg-Blokker | tel. 4056 |
| Gerben Wijnja | tel. 9348 |

TYPEWURK:
Gjettje Dijkstra-van der Veen

STENCILWURK:
Redaksje

OMSLACH:
Albert van Lingen jr., Wergea

REDAKSJE-ADRES:
Ineke Feenstra, Singel 2,
8765 LL Tsjerkwert.

BANKRELAASJE:
Rabobank Bolsward; gironr. 85.68.29
t.n.v. Rabobank Bolsward rekno.
3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturt-
sje, Tsjerkwert.



FOARWURD:

Dêr't in lyts doarp grut yn wêze kin.

In skoft ferlyn stienen der twa froulju by ús foar de doar. "Wy hiene eins in fraach", wie harren beskie. Dus noege ik harren der yn. De aap kaam al rillegau út 'e mouwe: at ik sitting nimme woe yn 'e redaksje fan 't Skieppesturtsje. Nei myn 'ja-wurd' foel der harren in stien fan 't hert. Ik hie trouwens al gau yn'e rekken dat it ferfangen fan Rients van Buren net sa maklik wurde soe. Yn'e redaksjegearkomsten waard suver ek mei weemoedigens oan him weromtocht. Benammen Phün die ús te witten dat se him o sa misse soe! Sa't Rienst mei 'syn famkes' yn'e redaksje gearwurke, sa sil ik it net kinne, mar dat wurdt gelokkich ek net ferlange.
Mijn ynbring sil dan ek oars wêze: "Een nieuwe lente, een nieuw geluid" dichte Herman Gorter ea en sa soe



men dit ek sjen moatte. Ik wol fan myn kant besykje in nij lûd wjerklinke te litten yn 't Skieppesturtsje. Dat wie ek wol in bytsje it doel fan Rients en ik hoopje dat ik de lêzers dan ek net teloarstel. Faaks wurdt it meidetiid wat eigens, want no is it allegearre noch wat ûnwennich.

Hiel koart wol ik yn myn earste foarwurd fan 'e redaksje stilstean by wat der tusken twa nûmers yn yn bard is. Foar in nije ynwenner is it opfallend hoefolle aksje der yn dit doarp sit. Oan organisaasjetalint is hjir gjin krapte. It grutte tal ferienings wiist dêr al op.
Sa wie der op muzikaal gebiet bygelyks hiel wat te genietsjen. It kofjekonsert waard een goedbesocht muzikaal hichtepunt, wylst de playbackjûn yn in ôfladen Waltahûs 'ongekend talent' skitterje liet, mei kennis fan saken oan inoar praat troch ús eigen Hennie Huisman yn 'e persoan fan Jan Dijkstra.

Yntusken kaam in stik fernijde dyk klear tusken Tsjerkwert en Blauhûs. In 'racebaan' dy't net ûnderdocht foar it paed nei Ymswâlde, mar frij fan gefaar is hy net. De deis doe't er beriden wurde koe, skoden mar leafst fjouwer weinen ût 'e bocht. Jou it ferstân hjir dan ek foarrang en stjoer wat stadich de bochtige Himdyk del. Dat kalme riden soe ek op'e Waltawei net ferkeard wêze. Op'e jiergearkomste fan Doarpsbelang Tsjerkwert e.o. wie dy needgjalp ek wer te hearren. Lit de 'Actie Kraaiepoot' in dúdlik sinjaal wêze, want ' als het kalf verdronken is dempt men de put'. Lit dit sprekwurd hjir gjin wierheid wurde!!!! By de werynrjochting fan dizze trochgeande strjitte moat de ferkearsfeiligens dan ek sûnder mis har gerak krije. De huzen hjir sille dan ek minder steam te dinderjen as swier frachtferkear en sa delkomt!

Eins soe der mar ien oplossing wêze dy't fan bliuwende wearde is: in nije brêge súdlik fan't doarp.
Foar de bern wie de 23-e novimber in dei fan betsjutting. Wat goed dat de âld baas út Spanje wei wer tiid fine koe om ek by ús foet oan lân te setten.
It wie wat dizich, mar ynienen skeat syn 'speedboat' oer de Trekfeart, sette de Pieten ôf en ferliet sels pas by it Waltahûs syn boat. De bern ha folop genietsje kinnen!
Op 5 desimber wie der opnij in bysûnder barren want de 'skyline' fan Beabuorren waard in moderne, trijewjukkige wynmole riker. Oer de wynmole dy't jild byinoar mealle moat foar ús doarp koe spitichgenôch gjin nijs ferteld wurde op'e jiergearkomste fan Doarpsbelang. It sit noch yn 'e mûne, sille wy mar sizze.
Yn'e neihjerst, doe't ik dit stikje foar de krante úttypte, skoden lange skaden har spegeljend yn it wetter fan 'e Trekfeart. Kening Jûkelburd makket him op foar syn winterregear. Sil er myld wêze foar de reedriders en natoerleafhawwers of sil er ús mei skrousk waar tamtearje? Mar hoe't ik ek wêze sil, sels ha wy dat fansels net yn'e hân, wy winske elkenien yn elk gefal noflike krystdagen en in sfearfolle jierwiksel. De bêste winsken alfêst foar it nije jier en ferjit foaral net te kommen yn it Walta-Hûs op nijjiersjûn foar it tradysjonele nijjierswinskjen. Ek foar dit jier ha wy wer besocht de Skieppesturt ta te kennen oan ien dy't it ôfrûne jier tige warber west hat foar ús doarp. Wy ferwachtsje in protte minsken dat kom op tiid!
Om 21.00 oere sil it heve.

GERBEN.

**It sil heve !!!**

# 1991

## Berichten van de Dorpsomroeper.

Jaaroverzicht 1991.

Het jaar 1990 met de zachtste winter sinds 1706. 31 december de klok wijst 24.00 uur aan en één minuut later kunnen de 443 inwoners van Tjerkwerd naar klokgelui uit de oude toren van de St. Petruskerk luisteren vanwege de jaarwisseling.



In het avonduur van de 1e dag wordt Renske Bakker in het Waltahûs de hoogste dorpsonderscheiding omgehangen die wij hier in ons dorp kennen de Skieppesturt.
1. Johannes Huitema na 18 jaar uit het bestuur St. Waltahûs. Jaap van Lingen beheert nu de financiën.
5. Bij Folkert Hofstra glijdt de verjaardagskaart door de brievenbus vanwege zijn 8e verjaardag. Van de Dorpsomroeper kregen in dit zelfde jaar nog meer dan 90 kinderen een kaartje. Zij maakten geschiedenis vanwege hun geboorte en hun naam door de straten van Tjerkwerd klonk de aankondiging van hun geboorte.
6. Ds. G. Muilwijk deelt vanaf de kansel de kerkgangers mede, dat hij meende te moeten bedanken voor zijn beroep naar Tjamsweer. En dat werd aangehoord met daverend handgeklap.
11. Mijn eerste rondgang door eigen dorp vanwege de jaarvergadering van de Ver. v. Dorpsbelangen Tjerkwerd e.o.. 45 mensen gaven gehoor aan de oproep. Marja Verzijlberg verlaat het bestuur en Ids Schukken neemt haar plaats in.



IJspret.
16. Opening van de ijsbaan. Een vijftal wedstrijden werden gehouden.
Bouwe Feenstra overleed in Bloemkamp en werd 88 jaar oud.

19. Dorpen-zaalvoetbaltoernooi in de sporthal te Makkum. Tjerkwerd werd kampioen en met 2 bekers rijker keerden de sportslieden huiswaarts.
21. Geboren Thomas zoon van Piet en Binie van Zuiden-Haarsma.
24. Dorpsomroeper anno 1920.
Begin deze maand kwamen aan de Sylroede nr.15 te wonen de fam. Beyer.

**Aanhoudend koud**

Februari.

3. Een viertal schaatsers uit Makkum gaan op de Trekvaart langs ons dorp.
4. Volop winter = Nederland massaal op de schaats.
7. 11 graden onder nul.
9. Het carnaval wordt hier gevierd = met de skieppehoeders en de skieppegatters.
Dragen mensen alleen tijdens carnaval maskers?



10. Sneeuw remt verkeer.
15. Temp. -14,8°C.
17. Jongerenkoor zingt in de kerkdienst te Itens.
19. Vorst gaat verdwijnen.
20. Laatste nacht met winterkou.
21. Dooi!
24. Kruiende ijs langs de Friese kust blijkt grote trekpleister. Er is bijna sprake van een zomerse drukte.
De laatste dag van deze maand gaf in Noord-Nederland een laagje van 1-3 cm sneeuw.

Maart.

2. No.1 van de 15de jaargang van onze dorpskrant verschijnt.
6. Van de ruim 11 miljoen kiesgerechtigden ging 51.5% naar de stembus van de Statenverkiezingen! Met een temperatuur van 14.8°C+.
9. Toneelavond in het Waltahûs.
10. Jongerenkoor zingt in de kerk te Idskenhuizen.
12. Jaarvergadering Begrafenis ver.. Aanwezig de 5 bestuursleden en 2 leden van de 302 .
13. Hoogste temperatuur 16,7°C+ van deze maand.
15.

15. De groep EASY CHANTING treed op in het Waltahûs.
16. Iebeltje van Dijk-Duursma overleed op 12 maart in Eindhoven en werd hier naast haar man begraven. Zij woonden hier met een jaar onderbreking van 1931-1963.



17. J. Blanksma vindt het eerste kievitsei van ons dorp.
21. Mw. J. Huitema- de Boer a.d. Gasthuissingel no. 38 vierd haar 97ste verjaardag. Vroeger wonende op de boerderij =Westerhuis= Jousterperweg 2 van 1926-1958.
23. De elfsteden-surftocht gaat langs ons dorp. (Bijna windstil)
"Eensgezindheid"onder de leiding van Roelof Bakker geeft in het Waltahûs hun jaarlijkse uitvoering.
Eiertentoonstelling t.e.m. 1 april Galerie Artisjok.
En nog veel meer wisselende exposities.
31. Vannacht ging de zomertijd in .
Fam. G. Wijnja kwam aan de Waltaweg 53 te wonen.

April.
1. Piet en Hotske Volbeda-Baarda 25 jaar getrouwd!
5. In het Waltahûs prijsklaverjassen.
9. Het echtpaar Harkema-Pot a.d.Sylroedeno. 14 laten de geboorte van Erna-Janien aan de inwoners van ons dorp weten.
14. Jubileumkonsert.
10 jaar Con Amore Musica onder de leiding van J. Blanksma in de St. Petruskerk alhier.



23. De ouderensoos Tjerkwerd-Dedgum heeft als afsluiting een uitstapje naar de proef boerderij in Oenkerk.
Leden-ouder-avond C.B.S. de Reinbôge.
25. No.2 dorpskrant verschijnt.
30. Koninginnedag feest. Geen ridderslag in ons dorp!

Biljarten Dorpencompetitie 2e helft 1990-1991 als 4e eindigde Tjerkwerd.
En aan de Hemdijk bij het echtpaar Hettinga-Draaijer is geboren hun zoon Christiaan. Ook hier Gezang 248: 2 O.B.

Mei.



1. 50 jaar geleden dat de rijwielbelasting "het fietsplaatje" werd afgeschaft.
10. Tropische avond in het Waltahûs. (Org. de recreatieclub)
11. Nationale Molendag. Ook de molenaar van de Babuurster molen nodigt de inwoners van ons dorp uit. De dorpsomroeper laat een ieder die luistert dat weten!
19. Bram Volbeda kwam wederom als 1e in de Step elfstentocht in Bolsward aan.



20. 2e Pinksterdag. In een kwart eeuw van 375 naar 15.000 pedaleurs die langs de Elf Steden fietsten.
26. Parodia-Trimloop.
Gerrit Wijngaarden bij de heren.
Anita Jorna bij de vrouwen.
Jeugd t.e.m. 13 jr. Jolt van Buren en Tineke Schukken.
31. Dorpenvoetbalcompetitie: Tjerkwerd eindigde als 2de. De meimaand 1991 bij de drie koudste van deze eeuw.

Juni.
2. Jongerenkoor Con Spirito zingt in de kerkdienst te Gaast.
8. Nam deel aan het concours van stads-en dorpsomroepers in Oud-Beyerland, aantal deelnemers 11, waar ik als 7de eindigde.
10. Maakte rondgang vanwege de geboorte van Henk-Jan Bakker van de Baburen no. 5 alhier.
21. De langste dag met de kortste nacht. Begin van het dorpsfeest alhier.

22. Vervolg dorpsfeest. Temp. 18.2°C+
26. No.3 van de dorpskrant verschijnt.
27. Laatste schooldag C.B.S. de Reinbôge.
29. Cross country Loop. Winnaar Eric Hendriks. Org. Recreatie Club.
29. In Almelo concours van stads en dorpsomroepers 10 deelnemers; waar ik als 5de eindigde met een pracht beker! Juni maand zeer koel, extreem nat en zeer somber!
28. Molenaar Zijsling krijgt rondleidingsmateriaal in de Duitse, Franse en Engelse taal. Verzorgd door studenten van de Hogeschool uit Leeuwarden.
Zes dorpen zien winst in aanschaf windmolens en aan de Baburen staan inmiddels al twee opgesteld.

**Even eruit**

Juli.

3. Geslaagd dorpsreisje.
3. Maakte rondgang vanwege de geboorte van Sietske Buma dochter van Andries en Toos Buma aan de Waltaweg 27.
7. Stads- en dorpsomroepersconcours in Ravenstein in het land van Maas en Waal , waar ik ditmaal eindigde bij de laatsten.
11. Temperatuur 31.4°C+.
21. Ds. G. Muilwijk nam het beroep naar Wanneperveen Belt-Schutsloot aan.
Juli bij de warmste maanden van deze eeuw.
30. Nog zeer warm! De mooie juli maand nam afscheid en noteerde 12 dagen boven de 25°C+ en met de neerslag viel het mee.



Augustus.

1. Start zomers.

10. Volleybaltoernooi alhier.

14. Olof Huitema en Marjet Popma worden op deze dag in het huwelijksregister in Bolsward ingeschreven.

Adres ongewijzigd!

Het sukses zit 'm in de juiste kombinatie

24. Ik nam deel aan de wedstrijd te Tholen van stads- en dorpsomroepers; geen prijs.

26. Mevr. Jeltje Johanna Jorritsma-Kers overleden in Huylckenstein. Zij vierde op 26 april haar 98ste verjaardag.

Augustus maand 1991 droogste van deze eeuw.

Klaverjassen. Competitie 1990-1991; de algemene winnaar was voor de tweede maal Maurits Ydema.

Ook het kaatsen 1991 was een prima seizoen. waar aan mee deden 30 kinderen, 12 junioren, 6 dames en 12 senioren.

September.

12. No. 4 dorpskrant verschijnt.

14. Het vocaal ensemble Con Amore Musica won een derde prijs o.l.v. koordirigent J. Blanksma te Noordwijk.

21. Vanwege 10 jaar Pjuttehonk KOM ERBIJ!! KOM ERBIJ! Stralend weer, vlaggen, ballonnen, moeders met kinderen op optochtwagens door beren bestuurd. Plaatselijke fanfare en de dorpsomroeper. Feest en nog eens feest!! Langs Dedgum en Parrega naar het Waltahûs.

22. Con Spirito zingt in de kerkdienst te Oosterlittens.

27. De voordeur blijft dezelfde de bewoners ook. Toch veranderd er iets Johan Huitema en Klaske Veninga v.d. Waltaweg 9 worden op deze dag in de echt verbonden. adres= ongewijzigd!

29. Einde zomertijd.



Oktober.

1. Een najaarsstorm raast over ons land.
4. Sietske de Jong viert haar 84ste verjaardag.
6. Con Spirito zingt in de kerkdienst in de Igtuskerk te Sneek.
14. Tjitte Wijngaarden overleed in de ouderdom van 53 jaar.
15. Martine Hylkema behaalde met haar pony Relia op het indoor concours in Leeuwarden een 1ste prijs.
17. Geboren Renske-Sara dochter van Lolle en Titia Hylkema-Hettema aan de Baburen no 7.
20. Rients en Coby Posthumus-Faber vandaag 25 jaar getrouwd.
22. Geboren Anne, zoon van Sietse en Anna Gietema-Wiersma een de Hemdijk no 1. In een rondgang door Tjerkwerd-Jonkershuizen-Arkum en Dedgum werd het bekend gemaakt.
27. IJs op de autoramen!
30. Vrouwenvereniging Martha-Maria verkoop en spelavond.

Oktober was droog en winderig!

November.

1. No.5.dorpskrant verschijnt.
3. Koffieconcert door Eensgezindheid in het Waltahûs.
10. Con Spirito verleent haar medewerking en ditmaal in de Baptisten kerk te Workum.
12. Jan en Iet Galama-Jorna 25 jaar in de echt verbonden.
15. Jaarvergadering Oranjevereniging; aanwezig 15 leden en het bestuur.
16. Playback-spektakel. De dames Ineke en Anouke waren de winnaressen.
20. Nachtvorst en overdag koud.
22. Hieke Koopmans-Jorritsma werd op deze dag 83 jaar. Echtpaar van der Wal-van der Schuit 40 jaar getrouwd.

Jaarvergadering Ver.v. Dorpsbelangen Tjerkwerd e.o..
Opkomst: 40 leden en het bestuur en Actie Kraaiepoot.
23. Intocht St. Nicolaas.
29. Jaarvergadering :115 jarige IJsclub. 12 leden aanwezig en het bestuur.



December.

5. Maakte rondgang vanwege de geboorte van Hillegonda-Geertruida: roepnaam Hilda, dochter van Rein en Lysbeth Galama-Ydema, Kerkstraat 12.
8. Jongerenkoor Con Spirito zingt in de kerkdienst te Workum.
11. De oudste inwoner van ons dorp wordt 89 jaar en zijn naam is Roelof de Jong.

In totaal maakte ik 41 rondgangen door eigen dorp.
Tenslotte onze waarde ligt niet in wat we hebben maar in wat we zijn!
Gezegende Kerstdagen en een Goede Jaarwisseling.
Hartelijke groeten van huis tot huis van

de Dorpsomroeper.







Berichtje aangaande de volkstuintjes.

Er is nog bouwgrond, niet om er huizen op te bouwen, maar om er groenten te verbouwen. Ongeveer 275 m² grond is nog beschikbaar. Omgerekend zijn dit 22 ekers van 1.30 m breed bij 8 m lang.
De huur van de grond komt per eker op ± f 1,90.
Mocht u geïnteresseerd zijn, dan kunt u even kontakt zoeken met ondergetekende of met één van de andere tuinders.

Joop Nota, tel. 9499.

STICHTING IT WALTAHÛS
yn gearwurking mei "It Skieppesturtsje".



Lyk as alle jierren is der dit jier wer it tradysjonele NIJJIERSBAL yn it Waltahûs.
Op woansdei 1 jannewaris sil it wer heve.
Fansels is der wer de útrikking fan 8e Skieppesturt fan it jier 1991. De útrikking sil pleats fine om njoggen (21.00) oere!!
Ja, jo lêze it goed, wy wolle fan dy nachtdraverij ôf. Dat betsjut wol, dat jo ryklik earder forwachte wurde! En der is mear...........ús doarpsgenoat Jehannes Dijkstra sil optrede mei syn harmoanika en Roelof Bakker komt mei in koper-ensemble op'e proppen.
Mei oare wurden: dit kin in aparte jûn wurde mei in soad sfear.
It soe moai wêze as Jo der ek wiene!
Lykwols in lêste warskôging:
kom op 'e tiid (fòàr 21.00 oere), want wy huldigje it prinsipe: Seal fol, doarren ticht (mar net op slot fansels)!!
Oant sjen op 1 jannewaris yn ús Waltahûs.

It Besjoer.

Bryan Adams

Dire Straits

Bonn Scott,Angus Young en Tina Turner
'top of the bill' in Playbackshow 1991.

Als Tjerkwerters waren we nog maar net bekomen van de onvergetelijke bazaravond van de Vrouwenvereniging of een volgende happening stond alweer voor de deur: De Playbackshow 1991.
Op zaterdagavond 16 november zat het dorpshuis afgeladen vol om in totaal 15 acts te aanschouwen.
De presentatie was in handen van Jan Dijkstra.
Eerst kwam de jongste jeugd aan de beurt, verdeeld over 9 acts. Voornaamste blikvangers vóór de pauze waren: Tineke Schukken die als een onhandige André van Duin over het podium struikelde met het lied '35 koeien', Jan Nota die als 'Roodkapje' mooie danspasjes liet zien en Arjen Steur en Joost Stel die als heuse cowboys John Fogarty cs. imiteerden.
Pa Stel keek overigen niet zo blij dat zijn zoon met revolvers stond te zwaaien!
Zelfs Koos (zonder rolstoel) Alberts was deze avond aanwezig on de persoon van Dies Volbeda, die al zijn gevoelens in de smartlap 'Ik verscheurde je foto' legde.
De onvermijdelijk Kinderen voor Kinderen waren ook dit jaar weer van de partij.
Liefst 3x kwamen ze opdraven. Lisette en Freerk Kootstra verzorgden in samenwerking met enkele vriendjes de beste imitatie met het lied 'Meneer Agent'.
Hun viel dan ook de 1e prijs ten deel.
Het ruigere werk kwam van Folkert Hofstra, Jelte Steur, Cor de Groot en Eduard Witteveen met het lied 'Heavy Fuel' van Dire Straits. De gebroeders Wijngaarden, Jan-Hessel de Groot, Jan Nota en Anne Bakker gooiden al hun energie in de Bryan Adams-song ' I do it for you'.

Na de pauze kwamen de wat oudere deelnemers opdraven. Nelly en Nellie Haarsma beten de spits af met een nummer van Roxette.
It Waltahûs schudde op de grondvesten toen AC/DC vervolgens de heavy-metalkraker 'whole lotta Rosie' afwerkte. De absolute hoofdrollen werden in dit nummer opgëist door zanger Bonn Scott (Jacob Hofstra) en gitarist Angus Young (Gerrit Schukken) die prachtige staaltjes playback lieten zien.
Tjitsche Bakker schudde haar verlegenheid af in het nummer 'Blueshouse' van B.B. Queen, terwijl Thea Bakker met'99 Luftballons' ten tonele kwam.
Toen was het de beurt aan Anouke de Haan en Ineke Haarsma, het duo dat een patent op 1e plaatsen lijkt te hebben. Ditmaal verrasten ze met het nummer 'Proud Mary' (geschreven door John Fogerty van Creedence Clearwater Revival) in de uitvoering van Ike en Tina Turner.
Anouke de Haan stal hier de show met een adembenemende imitatie van Tina Turner. Danspasjes, hand- en hoofdbewegingen: alles klopte perfect!
Bert Miedema, Clara, Griet, Jappie de Boer, Henny Boersma, Joke, Roelof de Jong, Anneke Gietema en Jaques van Lingen sloten de Playbackshow als 'De Klokkenluiders' in stijl af.
Hun komische act leverde uiteindelijk een 3e prijs op, AC/DC werd 2e en het echtpaar Turner 1e.
Zo bleek Tjerkwerd op deze avond weer boordevol imitatietalent te zitten, met voor mij als de 2 uitschieters AC/DC en Ike-Tina Turner.

B.F.



SINTERKLAAS INTOCHT OP 23 NOVEMBER 1991.

Eindelijk was het dan zover de Sint en zijn Pieten zijn gearriveerd.
Eerst konden we ze bewonderen op de t.v. toen ze Hindeloopen binnen kwamen varen.
Daarna zonder een seconde te verliezen sprongen Sint en Pieten op de boot naar Tjerkwerd.
Daar stond ook een enthousiaste meningte kinderen te wachten.
Het korps speelde gezellige liedjes en dhr. Schakel belde er lustig doorheen.
Zo ging het in optocht met de malle pieten voorop richting "Waltahûs".
Eindelijk kon de Sint gaan zitten en het grote boek tevoorschijn halen.
Alle kinderen hadden wat opgestuurd of gemaakt en konden ze bij de Sint komen om wat te vertellen of te laten zien. Het was voor sommige kinderen wel een beetje eng of waren dat kinderen die een beetje stout zijn geweest?
Maar Sint en Pieten waren erg tevreden over de kinderen van Tjerkwerd en als beloning kregen ze heel veel pepernoten.
Na nog wat liedjes met z'n allen gezongen te hebben ging de Sint en zijn Pieten weer verder, want ze hebben nog een hele drukke tijd voor de boeg.
Dag Sint en daaaag leuke acrobaten en springpieten.
Tot volgend jaar!





Hallo allemaal,
en daarmee bedoel ik de jeugd van Tjerkwerd. !!

Dit keer geen puzzel, geen moeilijke raadsels, maar wel een kleurplaat. Daar hebben jullie straks in de kerstvakantie alle tijd voor.
Maak er dus iets moois van.
Aangezien er vorige keer maar 2 kleurplaten ingezonden werden, kan ditmaal helaas geen prijs uitgereikt worden.
In ieder geval worden de twee die wel hun kleurplaat inzonden, hartelijk bedankt!
Aan de gang dus en wie weet, kan er volgende keer weer een leuk prijsje verdiend worden.
Ik hoop dat jullie allemaal een fijne kerstvakantie zullen hebben, tot de volgende keer.

redaktie.

## OPENBARE BIBLIOTHEEK WUNSERADIEL.

**Bibliobusroutes ingrijpend gewijzigd.**
Met ingang van 1 januari 1992 rijden de meeste bibliobussen in Friesland volgens nieuwe roostertijden en langs andere routes.
Voor vrijwel alle gebruikers van deze rijdende bibliotheken geldt dat de bibliobus voortaan op een ander moment in de week langskomt.
In enkele kleine kernen wordt de bibliobus helaas opgeheven.

De belangrijkste oorzaken van deze ingrijpende maatregelen zijn:

* De bezuinigingen op gemeentelijke bibliotheeksubsidies.
* Afname van het gebruik van de bibliobus door daling van het aantal inwoners in veel kleinere plaatsen en door toename van het autobezit, waardoor meer mensen in staat zijn een vaste bibliotheekvestiging te bezoeken.



Door deze ontwikkelingen zien bibliotheekbesturen in de gehele provincie zich genoodzaakt de haltetijden en halteplaatsen van de bibliobus te verminderen. Als gevolg hiervan wordt het aantal bibliobussen bij de Centrale Bibliotheekdienst voor Friesland (de leverancier van de bibliobusdienstverlening) verkleind, hetgeen een kompleet nieuwe indeling van de routes nodig maakt.

Vanaf 1 januari 1992 geldt voor de gemeente Wûnseradiel het volgende rooster:

| | | | |
|---|---|---|---|
| Hieslum | Parkeerterrein | donderdag | 12.05-12.20 |
| Dedgum | Kerk | donderdag | 12.25-12.40 |
| Parrega | Horstweg | donderdag | 12.45-13.50 |
| Tjerkwerd | School | donderdag | 14.00-14.35 |

Voor meer informatie kan men terecht bij de Openbare Bibliotheek in Makkum en bij de Bibliofoon, de informatietelefoon van de Openbare Bibliotheek, tel. 06-8411 ( 20 cent per min.).




*Bijdragen binne kommen fan:*

*R. Bakker,Himdyk; W. Bakker, Tsjerkestrjitte; D.v.d Wal, Dedzjum; F. Gietema, Singel; P. Zysling, Boalsert W. Schakel, Boalseterwei; Mefr. D. Bruinsma, Waltawei S. Breeuwsma, fan Panhuyswei; A. v. Weelen,Beabuorren W. Poelstra,Singel; J. Wiersma, Dedzjum; S. Miedema, Ymswâlde; D. Haarsma, Himdyk; D. Bakker,Boalsert; B. Miedema, Waltawei; S. Hiemstra, fan Panhuyswei; Mefr. A. Mekking, Singel; G. Ouderkerken, Waltawei; G. Brandsma, Tsjerkestrjitte; D. Wijngaarden, Singel; A. Feenstra, Dedzjum; J. Velema, Sylroede; S. Nauta, Sylroede; P. Burghgraef, Jousterp; J. Harkema, Sylroede; Y. Kroontje, Singel; K. Stel,Singel; M. v.d. Wal, Sylroede; S. Heeres, Ymswâlde.*

*Ús hertlike tank.*

Maaike, Tianne, Meine, Feikje, Berber,
Jelle, Tineke, Paulus, Freya, Ruurdje,
Jildou, Jitske, Auke, Pier-Jan, Yme , Ag
Age, bestjoer en lieding

winskje elkenien Noflike Krystdagen en in goed 1992 ta!

# BINNENKORT...

# sjoelen

Der is wer in sjoelwedstriid op

## sneon | 28 des

yn "It Waltahûs".
Lyts en grut kin hjir oan mei dwaan.
It begjint de jûns om 7.30 oere.
Yntree lytse sjoelbak ƒ 1,50
Yntree grutte sjoelbak ƒ. 5,00
De opbringst giet nei Roemenië.
It wûrdt fêst in noflike jûn. Oant sjen!

Doarpsbelang.

## 35 jarig jubileum Kerkkoor.

Het koor hoopt dit jubileum te vieren , door een concert te geven, op zaterdag 29 februari 's avonds in de St. Petruskerk te Tjerkwerd. Ter zijner tijd hoort u hier meer van.

Het Bestuur.



## EENSGEZINDHEID

Op snein 3 novimber holden wy in kofjekonsert wat neffens ús en it talryk oanwêzige publyk tige slagge is.
Nei de iepening troch de foarsitter hat it korps earst in stikmannich nûmers spile û.o. La Violetera wêr't Jan Germ Hofstra yn solearde.
Hjirnei wiene de AMV-ers oan bar, dit binne bern dy't nei skoaltiid les krije fan juffrou Annie Bijlsma op blokfluit. Se koene al knap mei elkoar spylje wylst juffrou Bylsma harren op tenoar blokfluit begeliede.
Ek ha se noch in stikje mei begelieding fan Tsjamme Wiersma op synthesizer spile.
De learlingen dy't al in instrumint fan it korps ha hawwe ek efkes blaasd en sa te hearren wiene se al wer tige foarút gongen; se dogge fan't winter eksamen foar diploma A en dan kinne se nei de útfiering by it korps.
Nei dit optreden hat it korps dit konsert ôfsluten mei in stik as fiif nûmers en eindige mei "One moment in time" wêr't Tsjamme Wiersma mei synthesizer yn solearde.
Nei ôfrin wiene der foar de meiwurkers blommen en foar it publyk in kollekte foar de ûnkosten; dizze kollekte hat moai wat opsmiten. Tige tank hjirfoar.
Ek krige it korps op in bysûndere gearkomste fan'e frouljusferiening in slúfke mei ynhâld, ek hjirfoar noch tige tank.
Mar mei al dizze giftn binne we der nòch net.

We binne nèt wer fan doel om mei krystbakjes te rinnen, mar we hâlde takom jier nei betinken in snert-aksje. Earste Kryst-moarn wurkje we mei oan de tsjinst fan ½ 10 yn Tsjerkwert en ús útfiering sil holden wurde op 28 maart yn it Waltahûs.
It doarpstoaniel sil dan in ien-akter opfiere.

Evert Bakker.

Aan de leden van het Groene Kruis en de inwoners van Tjerkwerd.

Zoals u reeds per brief is medegedeeld en u uit de pers hebt kunnen vernemen is de Vereniging het Groene Kruis uit Tjerkwerd- Exmorra en omstreken opgegaan door middel van een fusie in de Kruisvereniging Wûnseradiel.

Voor u als leden-inwoners van deze dorpen is alleen de bestuurssamenstelling nu gemeentelijk,maar blijft de uitleen van artikelen hetzelfde op dezelfde plaats en tijd bij G. Hofstra, Waltaweg 51, Tjerkwerd.
Tel. 9471.
Voor uw afdeling is in het gemeentelijk bestuur gekozen mevr. T. Lootsma- Boersma uit Exmorra.
Voor betaling van de contributie wordt u een acceptgirokaart aangeboden. De contributie voor 1992 is ƒ 46,00 zegge zesenveertig gulden.

D.S. v.d. Werf.
Secr. Penn. Kruisvereniging
Wûnseradiel.

Groene Kruis

Bericht van Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

De jaarvergadering werd gehouden op 22 november 1991.
Er was een goede opkomst.
Dhr. Dam van gemeentewerken en dhr. Draayer van B & W waren deze avond ook aanwezig.
Na de pauze heeft dhr. Dam ons naar aanleiding van dia's en videobeelden iets verteld over het inzamelen van gescheiden huisafval, daarna konden er vragen worden gesteld.
Thea Dam was aftredend, ze heeft zich de laatste zes jaar ingezet voor de belangen van het dorp.
Bedankt Thea voor het vele werk dat je hebt verricht.
Haar plaats in het bestuur wordt overgenomen door Aggie Ouderkerken.

Jaarvergadering van de Oranjevereniging op 15 november 1991.

De voorzitster Sari opende de vergadering en alle verslagen + financiële gedeelte werden voorgelezen.
Omdat Leny Haitema uit het bestuur gaat werd Ties de Hey gevraagd om Leny te vervangen.
Dit is goed gevonden dus Leny bedankt en welkom Ties.
'k hoop dat je een gezellige tijd in het bestuur mag hebben.
Sari deelde nog mede dat op Koninginnedag Cabaret "Samar" voor ons komt optreden.
Het zomerfeest 1992 wordt gehouden op 10 en 11 juli.
Het thema zal dan zijn "Circus".
En hoe dit verder gaat horen jullie nog wel.
Na de pauze hadden we een ruilbeurs willen houden maar er was niets te ruilen dus gingen we onze kelen smeren bij Roelof aan de bar en bedanken een ieder voor hun inbreng en aanwezigheid.



UITSLAGEN DORPENCOMPETITIE 1991-1992.

Exmorra -Tjerkwerd.

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| Y. Ypma | 25 - | G. Visser | 21 | 2-0 |
| A. Tolsma | 31 - | G. Visser | 21 | 2-0 |
| E. Brunia | 24 - | H. Schakel | 38 | 2-0 |
| W. Brander | 41 - | H. Huitema | 40 | 0-2 |
| Y. Reinsma | 34 - | J. Dijkstra | 50 | 2-0 |
| F. Piersma | 54 - | G. Dijkstra | 65 | 0-2 |
| J. Schilstra | 28 - | W. Meinsma | 33 | 0-2 |
| G. Feenstra | 27 - | S. Hiemstra | 20 | 2-0 |
| | | | | 10-6 |

Tjerkwerd-Parrega

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| J. Wiersma | 16 - | D. Faber | 19 | 2-0 |
| Sj. Breeuwsma | 16 - | H. Klein | 24 | 0-2 |
| W. Meinsma | 33 - | M. Zijlstra | 39 | 0-2 |
| B. Bakker | 15 - | T. de Hey | 15 | 0-2 |
| S. Hiemstra | 20 - | J. Wijnia | 24 | 0-2 |
| D. Poelstra | 27 - | E. de Jong | 27 | 0-2 |
| H. Schakel | 38 - | R. de Jong | 20 | 0-2 |
| G. Dijkstra | 65 - | R. Harders | 28 | 0-2 |
| | | | | 2-14 |

Ferwoude-Tjerkwerd

| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| P. Hilt | 21- | D. Poelstra | 27 | 0-2 |
| E. Berendzen | 15- | W. Poelstra | 23 | 2-0 |
| W. v.d. Weide | 35- | Sj. Gaastra | 23 | 0-2 |
| A. Hilt | 19- | Sj. Breeuwsma | 16 | 0-2 |
| P. Bootsma | 15- | G. Hofstra | 27 | 0-2 |
| F. de Groot | 23- | G. Dijkstra | 65 | 0-2 |
| G. Stellingwerf | 17- | H. Schakel | 38 | 2-0 |
| D. Bakker | 15- | J. Dijkstra | 50 | 0-2 |
| | | | | 4-12 |

Tjerkwerd - Gaast

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| H. de Haan | 16 | - | G. de Groot | 20 | 2-0 |
| C. Goeman | 21 | - | S. Hoekstra | 21 | 2-0 |
| D. Poelstra | 27 | - | G. de Groot | 29 | 2-0 |
| W. Poelstra | 23 | - | J. de Jong | 20 | 0-2 |
| G. Hofstra | 27 | - | G. de Jong | 32 | 2-0 |
| H. Schakel | 38 | - | G. de Boer | 33 | 0-2 |
| J. Dijkstra | 50 | - | H. de Boer | 58 | 0-2 |
| H. Huitema | 40 | - | H. Hoekstra | 25 | 2-0 |
| | | | | | 10-6 |

Beste dorpsgenoten,

Zoals iedereen wel weet, is er aan de Kerkstraat erg veel geklust.
Het laatste jaar is de vroegere loods van Van Zuiden omgetoverd tot een atelier.
Graag willen we de bewoners van ons dorp in de gelegenheid stellen een een kijkje te nemen, om te zien wat we er van gebrouwen hebben.
Op zaterdag 11 januari a.s. zetten we onze deuren open, van 1 tot 4 uur.
Als het weer het toelaat, zullen we ook laten zien hoe we op verschillende manieren onze keramiek stoken, nl: in zaagsel, pittfire (onder hout) en raku.

Weet u welkom!

Ada en Koos Stel.

GALERIE ARTISJOK

FRIESE AFDELING "FRYSLÂN BOPPE"

BOLSWARD TJERKWERD WORKUM

KERKSTRAAT 19 TJERKWERD

**BYLANS DE TREKFEART**
**bydragen oer minsken en dingen út Tsjerkwert en omkriten**
**troch Gerben Wijnja**
**I**

"It is foar de hearen"
- in moai skiednisboek oer Tsjerkwert e.o
troch Anny de Jong -

## REBOELJE

It is al tsjuster as der in ruter troch de homeie fan de Waltastins rydt.
De wyn gûlt om it hûs en swypket de keale beammen hinne en wer. As de man fan it hynder stapt, huveret er fan de kjeld. Op de taast fynt er de ring oan de muorre en set it hynder fêst. Mei de fûst slacht er fûl op de doar.
It duorret in hiel skoft foar't der oan de oare kant risselwaasje makke wurdt. Einlings giet it lûkje yn de doar iepen.
'Goed folk. Ik bin Klaas Epes út Boalsert. Ik ha boadskip foar hear Tsjerk Walta.'
De skoattels piipje. Dan swaait de doar iepen.
'Ik mocht net elkenien der samar ynlitte, mar jo meie wol fierderkomme, Klaas Epes, jo binne wolkom.'
In jonge giet de lette gast foar troch de lange gong. Tsjerk Walta sit by it hurdstee. Oan de oare kant fan it fjoer sit frou Thieth Walta te spinnen. Se sjogge beide ferheard op as Harm Klaas Epes oankundiget.



Sa begjint it boek dat ús âld-ynwenster Anny de Jong skrean hat nei oanlieding fan de oprop fan de AFUK ta it skriuwen fan oarspronkelike histoaryske ferhalen foar bern.
Dit boek foar de jongerein fan tsien jier ôf (ek folwoeksenen kinne hjir wol fan genietsje) hat as titel meikrigen 'It is foar de hearen'.
Sa't jim yn it begjin al lêzen ha, spilet Tsjerk Walta hjiryn in wichtige rol. Oan 'e ein fan 'e midsieuwen (it ferhaal begjint yn 1479) waard der yn Fryslân fûleindich striid levere tusken de Skieringers en de Fetkeapers. Tsjerk Walta en syn broer Juw Juwinga fan Boalsert hearden by de lêsten. De hearen fan Boalsert, Frjentsjer, Warkum en oare plakken stienen as hoantsen foar elkoar oer, mar Harm en Peke, twa jonges dy't eins elkoars fijannen wêze moasten sluten freonskip. Hoe't it boek ôfrint moat elkenien sels mar lêze.

Anny hat mei dit boek goed wurk dien. In stikje skiednis fan ús eigen gea is sa nammentlik op in gaadlike wize tagonklik makke.
Foardat it ferhaal begjint liedt de skriuwster ús yn yn de tiid fan doe. Ek slimme wurden binne foarôf yn in list mei soarch ferklearre.
In wurd as 'haadlingen' wurdt bygelyks dan ek net ôfdien mei 'Fryske eallju' mar der wurdt yn in stikmannich sintsjes aardich wat mear oer sein.
By it lêzen fan it boek docht bliken dat Anny goed stúdzje makke hat fan de minsken en de tiid fan doe. De kaartsjes fan C. Reitsma litte sjen hoe't it gea der hinne lei, wylst de tekeningen fan Michiel Galama de sfear goed werjouwe.

It fernuvere ús, dat in boek dat yn 1989 al útjûn is, sa ûnbekend is yn ús doarp. Benammen ek om't it fan in âld-ynwenster is, wylst de tekener yn ús omkriten ek gjin frjemdenien is.



Om't it ferhaal ek noch yn ús kontrijen spilet, soe dit boek eins op gjin boekeplanke ûntbrekke meie.
Foar ƒ 9,90 is it te keap yn'e boekhannel.



<u>St. Dorcas Hulp International</u>
te Andijk vraagt voor hun landbouwprojecten in Roemenië, Libanon en Afrika werktuigen voor achter een tractor.
Ook handgereedschap en gereedschap om hout mee te bewerken is welkom.

Misschien heeft u nog iets staan wat u niet meer gebruikt.
U kunt hierover contact opnemen met Anneke de Boer, tel. 9198.

Hierbij willen wij alle schillenbewaarders van het afgelopen jaar heel hartelijk bedanken voor de moeite.

Tevens wensen wij u fijne kerstdagen en een gezegend 1992 toe.

Fam. Y. de Boer,
Singel 4.





De aksje foar Jantje Beton hat yn Tsjerkwert *f*. 261,55 opbrocht. Tige tank foar jim bydrage; dêr kinne wer in protte bern bliid mei makke wurde!

De Pjuttehonkers.

Wat fijn safolle belangstelling, kaarten, blommen, lokwinsken en presintsjes nei de berte fan ús jonkje

Anne

Dêrfoar wolle wy eltsenien hertlik tank sizze.

Sietse en Anna.

Foar alle blommen, kaarten en attinsjes dy't we op ús 40 jierrige troudei krigen ha sizze wy jim hertlik tank. Hjirby winskje wy elkenien Noflike Krystdagen en in lokkich mar boppeal sûn 1992 ta.

Marten en Annie van der Wal,
Sylroede 21, Tsjerkwert.

Bestuur en leden van de vrouwenvereniging van Tjerkwerd bedanken iedereen die in welke vorm dan ook meegeholpen heeft voor het doen slagen van de bazar op 30 oktober.
De netto opbrengst is *f*. 5.259,61.
Nogmaals onze hartlijke dank.

B. Bakker-Poelstra.



## AKTIE ROEMENIË ROEPT!

Net zoals vorig jaar zal er nu weer een aktie voor Roemenië worden gehouden.
De winter in Roemenië is geen tijd van plezierige feestdagen, zoals hier, maar een tijd van onzekerheid, kou en honger.
Daarom is hulp hier brood en broodnodig.
De werkgroep: Roemenië Roept, organiseert daarom een aktie, die gehouden wordt in de gehele Zuid-Westhoek van Friesland.
Zo ook in :

> Tjerkwerd op vrijdag 20 december
>
> van 2-6 uur in de dépendance
>
> van het Waltahûs.

Wat is er vooral voor deze aktie nodig:

* kleding
* kruiken
* beddegoed
* schoolbenodigdheden
* geld
* gloeilampen
* schoeisel
* handdoeken
* levensmiddelen: zoals: suiker, rijst, olie, koffie, thee, waspoeder, toiletart. kaarsen en lucifers

Kontaktpersoon: S. Dijkstra, tel: 2968

De inwoners van Roemenië zullen u dankbaar zijn.



# AGINDA



* Freed
20 des.: Aksje Roemenië
ynsammeling fan 2-6 oere
Dépendance Waltahûs.

* Freed
27 des.: Priiskaarten Waltahûs
jûns 8 oere.

* Sneon
28 des.: Sjoelen yn't Waltahûs
jûns healwei achten.

* Woansdei
1 jan.: Nijjiersresepsje fanôf 8 oere
útrikking Skieppesturt presys
9 oere de jûns.

* Sneon
11 jan.: Iepen hûs Artisjok.

* Sneon
29 febr.: Jubileum-útfiering Tsjerkekoar
Tsjerkwert-Dedzjum.

* Sneon
28 maart.: Muzykútfiering "Eensgezindheid" yn
"It Waltahûs" en doarpstoaniel.

* Freed en sneon
10 en 11 july: Doarpsfeest.



*BOARGERLIKE STÂN:*

* *Hillegonda Geertruida Galama is berne op 5 desimber. Sy is in famke fan Rein en Liesbeth en it suske fan Cissy. Sy wurdt Hilda neamd. Lokwinske!*



* *Op 22 novimber wie it echtpear v.d. Wal-v.d. Schuit 40 jier troud. Sy wenje oan 'e Sylroede. Noch folle lokkige en sûne jierren tawinske!*

* *Snein 8 desimber wiene Jehannes en Johanna Bakker fan Beabuorren 12½ jier troud. Ek ús lokwinsken!*

*S N Y P S N A R E N .*

# 'Tussen droom en daad'

* Hein de Haan fan Boalsert hie tiisdeitejûn 12 novimber mei it biljerten gjin muoite mei master-biljerter Hille Schakel. Mei gemak helle er syn earste oerwinning: De Haan liet syn tsjinstanner alle hoeken fan it biljert sjen. Suver wat fan'e kaart sette Hille folle earder as oars op hûs oan en doe't wy De Haan fregen nei syn sûkses sei er: "Dat komt sa: ik ha fannacht dreamd oer't biljerten en doe sieten der magneten yn'e wite ballen."
Doe't wysels dêrnei oan bar wiene, liken dy magneten der wier wol yn te sitten: it wiene no lykwols gelyknammige magneten, want se woenen elkoar mar net reitsje!

* "nu of nooit", sil master Dam wol tocht ha en hy kaam foar it earst yn syn karrière yn in spikerbroek op skoalle.

* Opzij, opzij, opzij, Durk v.d. Veen moet naar zijn duiven.

* Leen

**BLIJFT JE VERRASSEN**

want hy fangt de lêste tiid, nei syn sizzen, ôfgryslik , mar dan ek ôfgryslik grutte snoekbearzen yn 'e Trekfeart.

* Foar de dúdlikheid:"Aksje Kraaiepoot" wie in

**Protestactie tegen verkeer in Tjerkwerd**

* 2 mantsjes fan Jehannes en Johanna wiene tegearre trochmiddel fan in bakje oan't kommunisearen.
Op de fraach wat se diene wie it antwurd:" Tokke."
Tokke??? Ja, tokke!
Oh......., it waard de fraachsteller in stik dúdliker.

* Sinteklaas fiel[illegible] him neffens himsels

**Nog steeds heel happy**,

mar neffens ús wurdt er [illegible]rjitlik.....
syn presint bleau stean yn It [illegible]ttehonk.

* Nei ôfrin fan it optreden fan de Klokkeluiders, by de playbackshow dus, moast ien fan dizze dielnimmers o sa noadich nei't húske. Hy koe de pamper mei ien fan de letters fan TOT ZIENS net ôfdwaan, om't de ploech by mooglike winst opnij optrede moast. Sa waard it waachtsjen op 'e útslach net allinne spannend mar ek swier. Mar eh...... wat socht hy op 'e WC? Hy hie dochs in pamper om?

*



wat in de krant staat
is waar.

THE CHIPPENDALES

Ook Tjerkwerder vrouwen
vallen voor Amerikaanse strippers

*

# Blikschade op Stoombootkade

BOLSWARD - Bij een aanrijding zaterdagmiddag j.l. op de Stoombootkade ontstond blikschade aan twee personenauto's. Het ongeval ontstond toen op de kruising Stoombootkade/Grootzand een Mercedes, bestuurd door een 46-jarige inwoner uit Bolsward, en een VW Passat, bestuurd door een 23-jarige inwoner uit Tjerkwerd, elkaar [illegible] wegraak[illegible] ... [illegible]achten- ...bootkade in sloeg. Persoonlijk letsel deed zich niet voor.

## Gau ferjitte sizze se dan

* Kopy en snypsnaren <u>fòàr</u> 15 februaris.

* 1 januari:

K L O K S L A G 2 1 . 0 0 O E R E

S K I E P P E S T U R T - ú t r i k k i n g .

